



Gerard Rinsma is altyd op 'e syk nei Fryske lieten dy't yn it moed taaste en jo yn alle fezels reitsje. Foto: Showfotografie.nl/J.S. Geertsma en Oege Smedinga

Sinjouwing

Pionier op it krúspunt fan muzyk, ta

Ds. Gerard Rinsma jout kommende sneon mei in muzikaal program glâns oan de fiifde Krúspuntdei. In petear mei in muzikaal pionier op it mêd fan sinjouwing.

 Gerbrich van der Meer

Twa en in heal jier lyn kaam Gerard Rinsma út Goutum mei syn frou Ulrike wer werom nei Fryslân nei tritich jier predikant west te hawwen yn Noard-Hollân en Limburch. „No dan binne je fier fuort, hear. Dan hawwe je echt net yn 'e gaten wat him ôfspilet yn Fryslân. Myn iennige link wie dat ik wolris útnoege waard foar in preek en dat ik noch lid wie fan de Vereniging van Frieses volksmuzikanten. Ik kaam as Fries om utens nammentlik alle jierren noch op in Tsjoch-jûn te

spyljen.” Fryslân kaam mear yn it sicht doe't syn mem in swier harsenynfarkt krige. „Fan dat stuit ôfgie ik ien dei yn 'e wike nei har ta op 'e Gerdyk. En dat kombinearre ik dan wer faak mei muzykoptredens.”

Hy glimket. „Dan sleepte ik ús mem oeral mei nei ta. Se wie heal ferlamme, mar fûn dy optredens prachtich. Dan wie se der ommers efkes út. Ek as ik foargean moast yn Fryslân, naam ik har-hup! yn 'e rolstoel-mei.”

Predikant, apostel, (strjitte)muzykant en poppespiler neamt Rinsma himsels. It moaie is om hieltyd wer ferbinings te lizzen tusken al dy kwaliteiten, sa fertelt er. Bytiden fielt er him echt in pionier op it krúspunt

fan muzyk, de Fryske taal, leauwe en tsjerke. „De lêste tweintich jier haw ik meimakke hoe't de tsjerke hieltyd mear yn 'e ferdigening treaun is. In aparte erfaring. Mar it moaie is dat jo ek útdage wurde te sykjen nei nije mooglikheden.”

De fan oarsprong Gerdykster wie noch mar achttjin doe't er foar in stúdzje teology keas. De reden? „Leafdesferriet. Ik koe foar de trein springe of kieze foar second best; Romantikus as ik bin, keas ik foar teology. Om my te wijen oan God, tsjerke en de minsken, sa tocht ik doe.” Mar dat ferroare gau doe't er yn Amsterdam kaam. „Dan komme jo yn dy hegedrukpanne fan 1977. Binnen trije moanne siet ik yn it krityske-refleksive stadium. Yn Amsterdam fûn er syn draai, „alhoewol't ik wol slim lêst hie fan ûnwennigens.” Fia syn bûtenlânske reizen kaam er al gau yn kontakt mei syn frou, doe predikante yn East-Dútslân. „Doe't ik seach hoe't Ulrike foarm joech oan it predikantswêzen yn in kommunistysk lân, haw ik dêr-ynspirearre troch har - , ek bewust foar keazen.”

It wie as gie de himel iepen en waarden de libbenen mei de deaden ferbûn

Muzyk

Al dy jierren bleau Rinsma syn leafde foar tekst en muzyk trou. „Fjirtich jier lyn skreau ik myn earste lieten. Doe noch yn it Ingelsk, mar dat rammele tefolle.” Skriuwe yn it Nederlânsk wie ek gjin sukses. „Ik kaam net boppe it klisjee út.” Doe't er mei it folk-kwintet Gysbert begon, besleat er de lieten yn syn memmetaal op te skriuwen. Dat wie noch in hiele wrakseling. „Mar krekt dêrtroch waarden de lieten fan my. It Frysk helpt my echt om net yn it klisjee te ferfallen.” En oan klisjee's hat er no

ienkear it mier. „Dat hawwe jo as jo taalgefoelich binne.” Mei in grutte bôge besiket er ek yn tsjerke om 'e klisjeelieten hinne te rinnen. „Neam de opwekkingslieten. It iene klisjee nei it oare. Tagelyk steane der ek wol lieten yn it Frysk lieteboek dy't ien op ien út it Nederlânsk oerset binne. Dy hawwe itselde probleem.”

Rinsma sjocht himsels foaral as in lietsjeskriuwer. Mei Gysbert brocht er yn de tachtiger jierren trije elpees út mei eigen wurk. Ferline jier waard der in remix makke fan de cd *In earne band*, yn maart kaam de solo-cd *In minske sin* fan him út en der stiet ek wer in nije cd op priemmen mei troch him yn it Frysk oersette popsongs. Dêrneist skreau er ferskillende krystmusicals.

Noch altyd skriuwt Rinsma persoanlik wurk dat tichteby himsels en syn libben stiet. Tagelyk fynt er it hearlik om syn serieuze wurk te relativerjen mei ûndogenske ferskes. Der lizze al in hiel tal klear, „mar dy sjogge foar de bûtenwrâld pas nei myn emeritaat it ljocht”, glimket er. Rinsma set ek mei in protte nocht

Programma

Krúspuntdei fiert lustrum yn Akkrum

Op sneon 16 april hâldt Krúspunt, it Frysk Oekumenyske Platfoarm foar de fiifde kear syn Krúspuntdei yn Akkrum mei as tema: Kristen wêze op eigen (Fryske) wize. Wylst de earste oere ynromme is foar it húshâldlike part, stiet de middele yn de

Terptsjerke fan Akkrum it boek *Op us eigen wize* sintraal. Dêryn pleitet ds. Hinne Wagenaar foar in kontekstuele teology dy't oanslút op de taal en kultuer fan hokker minderheid dan ek. Wagenaar sil sels in ynlieding op it boek hâlde en lieding hawwe oer

it petear dêrnei. Op dizze dei sil fierders de Bernard Smildepriis útrikt wurde foar it measte bysûndere nije liet dat it tema ôfskied/ferriet/rou hat. Ek is der in fotoeksposysje fan ds Maarten Boerema. Tusken de bedriuwen troch sil Gerard Rinsma sjonge

en spylje. De Krúspuntdei wurdt ôfsletten mei in koart fesper. Krúspunt, it Frysk Oekumenyske Platfoarm is in moetingplak foar organisaasjes en persoanen dy't dy't har rjochtste op it befoarderjen en brûken fan it Frysk yn en om tsjerke. Op it webstee

fan dit platfoarm wurdt alle ynformaasje, nijs en ûntwikkelings sammele dy't raakflakken hawwe mei tsjerke/religy en de Fryske taal/streeltalen.

 Foar it program, sjoch op www.kruspunt.frl